

PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

31 maaie 2016

HYLS - Fan Fries nei Ariya

Fryslân DOK op snein 12 juny

Wat is de priis fan wier gelok? Hyls Hiddema (37) fan Weidum hat in jier lyn, nei in lange spirituele syktocht, syn yntree dien yn it boeddhistyske Ariya Sintrum yn Thailân. Mei as doel: libje yn in permaninte steat fan gelok, oftewol it berikken fan Nirwana. Dêrfoar moast er, lykas de Boeddha sels, syn Thaiske frou Waw en harren sânjierrige soan Aran efterlitte.

Hyls bestudearret, neffens syn ferljochte learaar Luang Por Pichai, de suverste foarm fan it boeddhisme. En hy is der fan oertsjûge dat er yn Luang Por de goede learaar fûn hat. "Sûnder learaar komst net fier. Te dreech en te teoretysk. Dan sjochst nea dyn eigen bline flekken." It doel is om Nirwana, it úteinlike thúskommen, noch yn dit libben te berikken. "Ast alle fragen witst en do kinst se ek beäntwurdzje, ast in helder ynsjoch krigest yn it hoe en wêrom, dan kinst ferljochte reitsje."

Freon en filmmakker Halbe Piter Claus socht Hyls op en krige unike tagong ta it Ariya Sintrum. Foar it earst yn tweintich jier komt mei dizze film bewegend byld fan dy ûnbekende mienskip nei bûten. Yn 'HYLS - fan Fries nei Ariya' sjogge we wat de winst én wat de konsekwinssjes binne fan Hyls syn fûnemintele kar. En wêr bliuwt de lytse Aran no't Waw ek de timpel yngiet?

De dokumintêre 'HYLS - Fan Fries nei Ariya' is ûntstien út in koproduksje mei BodhiTV (KRO-NCRV).

Fryslân DOK: HYLS - Fan Fries nei Ariya

Snein 12 juny fan 17.00 oere ôf alle twa oeren yn twa dielen op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 11 juny om 15.30 oere en snein 12 juny om 13.10 oere op NPO 2.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

31 mei 2016

HYLS - Fan Fries nei Ariya

Fryslân DOK op zondag 12 juni

Wat is de prijs van waar geluk? Hyls Hiddema (37) uit Weidum heeft een jaar geleden, na een lange spirituele zoektocht, zijn intrede gedaan in het boeddhistische Ariya Centrum in Thailand. Met als doel: leven in een permanente staat van geluk, oftewel het bereiken van Nirwana. Daarvoor moest hij, net als de Boeddha zelf, zijn Thaise vrouw Waw en zevenjarige zoon Aran achterlaten.

Hyls bestudeert, volgens zijn verlichte leraar Luang Por Pichai, de puurste vorm van het boeddhisme. En hij is er van overtuigd dat hij in Luang Por de goede leraar heeft gevonden. “Zonder leraar kom je niet ver. Te moeilijk en te theoretisch. Dan zie je nooit je eigen blinde vlekken.” Het doel is om Nirwana, het uiteindelijke thuiskomen, nog in dit leven te bereiken. “Als je alle vragen weet en je kunt ze ook beantwoorden, als je een helder inzicht krijgt in het hoe en waarom, dan kun je verlicht raken.”

Vriend en filmmaker Halbe Piter Claus zocht Hyls op en kreeg unieke toegang tot het Ariya Centrum. Voor het eerst in twintig jaar komt met deze film bewegend beeld van die onbekende gemeenschap naar buiten. In ‘HYLS - fan Fries nei Ariya’ zien we wat de winst én wat de consequenties zijn van Hyls’ fundamentele keuze. En waar blijft de kleine Aran als Waw ook de tempel ingaat?

De documentaire ‘HYLS - fan Fries nei Ariya’ is ontstaan uit een coproductie met BodhiTV (KRO-NCRV).

Fryslân DOK: HYLS - Fan Fries nei Ariya (HYLS - Van Fries naar Ariya)

Zondag 12 juni vanaf 17.00 uur iedere twee uur in twee delen op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 11 juni om 15.30 uur en zondag 12 mei om 13.10 uur op NPO 2.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.